

De artikelbydragen yn dit nûmer binne fan

Joshua Bousquette, berne 1983 te Louisville, USA, is promovendus Germaanske taalkunde oan 'e Universiteit fan Wisconsin-Madison. De titel fan syn proefskrift is: *C-Agreement in Modern Dialects of West Germanic: a model of reanalysis and renewal*.

Philippus H. Breuker, berne 1939 te Skingen, studearre Nederlânsk en Frysk, wie fan 1976 oant 2001 wittenskiplik (haad)meiwurker foar literatuerskiednis oan 'e Fryske Akademy. Ek bysûnder heechlearaar Fryske taal- en letterkunde oan 'e Universiteit Leien (fan 1986/1989 oant 2001) en gewoan heechlearaar Fryske taal- en letterkunde, yn 't bysûnder yn 'e literatuerskiednis, oan 'e Universiteit van Amsterdam (sûnt 1994/1995). Promovearre yn 1989 oan 'e Vrije Universiteit Amsterdam op *It wurk fan Gysbert Japix* en publisearre fierder oer (Fryske) literatuer en skiednis.

Todd Ehresmann, berne 1981 te Minneapolis, USA, studearre Dútsk, taalwittenskip en Europeeske skiednis oan 'e Universiteit fan Wisconsin-Madison. Hy is no oan 'e selde universiteit dwaande mei in promoasje yn 'e Germaanske taalwittenskip op *Immigration and koineization in urban dialect formation*. Ehresmann wurke as *Teaching Assistant* en *Mellow Dissertation Fellow* yn Madison.

Eric Hoekstra, berne 1960 op It Hearrenfean, studearre Ingelsk en algemiene taalwittenskip oan 'e Ryksuniversiteit te Grins, promovearre yn 1991 oan dyselde universiteit op *Licensing Conditions on Phrase Structure*, wie ferbûn oan it Meertens Instituut te Amsterdam, is sûnt 1999 as taalkundich ûndersiker yn tsjinst fan 'e Fryske Akademy.

Jan Huisman, berne 1978 te Ljouwert, studearre skiednis te Grins en Wenen, dêr't er kolleezjes krige fan Walter Pohl en Herwig Wolfram. Yn 2007 studearre er ôf op 'e ûntjouwing fan 'e Fryske etnyske identiteit yn 'e lette midsieuwen en 'e refleksje dêrfan op it skiedbyld. It artikel yn dit nûmer fan *It Beaken* is in bewurking fan dy ôfstudearskripsje. Op dit stuit is Jan Huisman haadredakteur fan it radiostasjon AmsterdamFM. Ien fan 'e nije programma's dy't er opset hat, is it skiednisprogramma 'Graven aan de Amstel', dêr't de Amsterdamske skiednis yn behannele wurdt.

Jurrien Rinse Schuur, berne 1944 te Ljouwert, studearre sosjale geografy mei as byfak skiednis oan 'e Ryksuniversiteit Grins, promovearre yn

1979 oan dyselde universiteit op *Leeuwarden voor 1435*, publisearre oer de skiednis fan it sosjalisme en anargisme yn Súdeast-Fryslân.

(Basearre op fan 'e auteurs sels oanlevere ynformaasje.)

